

*Hjirûnder in justjes aktualisearre ferzy fan it brief dat it Skriuwersbûn op 21 septimber 2023 oan Deputearre Steaten stjoerde.
Brûkber as tarieding op it petear fan 25 jannewaris 2024 fan it Skriuwersbûn-bestjoer mei deputearre Folkerts.*



IT SKRIUWERSBÛN

It komt net goed mei it Frysk lêzen en skriuwen yn de kommende jierren – of it moat wêze dat Kolleezje en Steaten folle mear ynvestearje as de lêste perioaden wenst wie.

It is it Skriuwersbûn te dwaan om it fuortbestean fan it Frysk as kultuertaal. Dat wurdt him net sûnder literatuer. De Fryske Skriuwerij is yn de efter ús lizzende 15 jier ferwaarleazge troch de polityk.

Yn dit brief ljochtsje wy dy needgjalp ta mei in tal tema's.

1. Taal en kultuer

As kolleezje hawwe jimme de taken ferdield: Eke Folkerts is ferantwurdlik foar it Frysk, Sijbe Knol foar de kultuer. As Fryske auteurs binne wy dwaande mei de meast spesifike foarm fan Fryske kultuer: teksten yn it Frysk. Yn ús wurk is Frysk en kultuer folslein mei inoar ferfrissele. Op kultuer wurdt besunige, op it Frysk net. Dan kin al gau it byld ûntstean: dy lju dy't hat ynsette foar it Frysk meie bliid wêze. It Skriuwersbûn fynt lykwols dat der mear jild beskikber komme moat foar de Fryske skriuwerij.

2. Fryslân hat belang by in goed funksjonearjend Skriuwersbûn

De provinsje Fryslân is ferantwurdlik foar it skeppen fan betingsten foar it fuortbestean fan de Fryske taal en kultuer. Om goed belied foarm te jaan, kin meitinken en tsjinspul fan maatskiplike organisaasjes net mist wurde. Wy binne op it mêd fan it skreaune Frysk it iennichst ûnôfhinklike orgaan. Wy fertsjinwurdigje 120 leden, wêrûnder de measte aktive yn it Frysk skriuwendende auteurs. Dizze leden betelje € 40 kontribúsje jiers. It jierliks subsydzje dat wy dêr oerhinne fan de Provinsje krije is op it stuit sa 'n € 4000. Meimekoar is dat ûnfoldwaande om ús taak goed dwaan te kinnen. Wy kinne funksjonearje tanksij de reserve dy't it Bûn hat. Yn de rin fan 2025 is dy reserve nei alle gedachten op (sjoch ek punt 7). Lykwols: alderearst no oandacht foar de posysje fan it Frysk anno 2024.

3. Der wurdt alle jierren minder Frysk lêzen

In taal dêr 't net yn lêzen wurdt, sil it op 'n djoer net rêde. De wurdskat en de taalbehearsking fan minsken giet efterút, de grammatikale struktuer en it eigene fan de taal ferdwine, de taal ferliest linkendewei status. Dizze ûntjouwing is al rom tsien jier yn in streamfersnelling. Dat giet folle fierder as de normale feroarings, dy't der altyd west hawwe en bliuwe sille yn taalgebrûk. It **skriuwen** yn it Frysk is dêrtroch, miskien noch wol mear as foarhinne, wurk foar idealisten: want der wurdt ommers hieltiid minder Frysk **lêzen**. De measte skriuwers dy't har wurk publisearre krije wolle moatte mei as gefolch dêrfan sels jild meinimme. Dat is gjin basis foar de takomst. Der binne sadwaande ek mar in ferhipt lyts bytsje nije skriuwers. Sa bliuwt der net folle Frysk om te lêzen oer.

4. Sympaty en fuortbestean

Der is in protte sympaty foar it Frysk. Waard it brûken fan de Fryske taal mids de foarige iuw troch in protte minsken yn en bûten Fryslân noch sjoen as in beheining ('jo komme mei it Frysk net fierder as Wolvegea'), hjoeddei sizze de measte minsken dat hja graach wolle dat it Frysk der bliuwt, omdat it sa eigen is en by ús provinsje heart. Dy sympaty is lykwols perfoarst gjin garânsje foar it fuortbestean en foar mear status. Talen oerlibje allinne as hja ek as kultuertaal en yn it formele ferkear in flinke rol spylje. As dat net it gefal is, wurde ek de minsken dy't sympatyk foar de taal oer stean net útdage om it Frysk te lêzen, te skriuwen en rûnom te brûken.

5. De ynfrastruktuer foar it stimulearjen fan it Fryske lêzen en skriuwen is yn de ôfrûne 15 jier dramatysk minder woarn

FLMD It Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum, dat sa'n 40 jier as selsstannich ynstitút bestie, is goed twa desennia lyn, mei al it Provinsjaal- en Rykssubsydzje dat dêr mei anneks is, opgien yn Tresoar. It FLMD hie njonken de museäle en konservearjende taak ek de opdracht om de Fryske literatuer te befoarderjen. Ek skewielde it FLMD mei ried en died it Skriuwersbûn.

It Fryske Boek De stichting It Fryske Boek ('IFB'), dy't mei in hantsjefol beropskrêften en hûnderten frijwilligers fantastysk wurk die foar de Fryske skriuwerij, (û.o. mei de jierlikse provinsjebrede sutelaksje) gie tsien jier letter (ûnder oantrún fan de Provinsje) ek op yn Tresoar. Ek IFB stipe it Skriuwersbûn, troch bygelyks administratyf wurk foar it Bûn te dwaan. Tresoar hat ek de subsydzjebedraggen dy't IFB jierliks fan de provinsje ûntfong mei oer krigen, gruttendiels as lump sum.

Tresoar Troch de jierren hinne waard lykwols hieltiid mear fan it oarspronklik foar de Fryske skriuwerij ornearre jild troch Tresoar brûkt foar oare doelen. Ferkeapbefoarding waard net as taak sjoen. Saakkundich personiel dat fuort gie of yntern oare taken krige waard net of mar foar in part ferfongen. De praktyske stipe dy't it Skriuwersbûn krijt is op it stuit beheind ta it fergees brûken fan Tresoar as fergaderlokaasje. Wol hawwe wy sûnt koart in gearwurkingsoerienkomst mei Tresoar. Sûnt in jier hat Tresoar in nije direkteur. Hy wol oprjucht in omkear en mear omtinken foar de Fryske skriuwerij, mar jierrenlange ferwaarleazing is net fuort ferdwûn.

Afûk/Boeken fan Fryslân Gelokkich is in lyts part fan it struktureel subsydzje dat Tresoar jierliks krige, in tal jierren ferlyn oerhevele nei de Afûk. It giet om in diel fan it jild dat earder nei "It Fryske Boek" gie (op stuit sa'n € 200.000 op jierbasis). De Afûk brûkt dit foar de aktiviteiten dy't sy útfiert ûnder de flagge fan "Boeken fan Fryslân". It doel dêrfan is ferkeap-befoarding en mear bekendheid fan en foar Fryske boeken, koart gearfette. De Afûk is fan grut belang foar it Fryske lêzen en skriuwen, in organisaasje om wiis mei te wêzen. Mar mei it beheinde budzjet foar dit doel kin fansels ek mar in beheind tal aktiviteiten opset wurde. "Boeken fan Fryslân" moat opbokse yn winkels, biblioteken en yn de reklame tsjin Nederlânsktalich en Ingelsk aanbod. Foar boeken yn dy talen binne faaks grutte kommersjele promoasjekampanjes. Mei literêr wurk yn it Nederlânsk binne jierliks flinke prizen te winnen, mei alle publisiteit dy't dêrby heart. En yn de skreaune parse, op radio en tv en op it ynternet is fansels ûnbidich folle mear omtinken foar Nederlânsktalich wurk as foar de Fryske skriuwerij.

Ek fan belang is yn dit ferbân it ferdwinen fan net (of amper) subsidiearre ynset út de mienskip wei. Wy neame hjir trije, en witte dat wy oare eardere inisjativen troch har net te neamen te koart dogge.

KFFB Sa is der (noch even) de Kristlik Fryske Folksbiblioteek (KFFB), dê't men lid fan wurde koe en dan krige men periodyk in Frysktalich boek dat net stridich wie mei de protestantske libbensoertsjûging. Yn tritich jier sakke it tal leden fan 5000 nei in pear hûndert: en no kin it dus net mear út. De KFFB hat tal fan minsken oan it Frysk lêzen krigen – en oan it Frysk skriuwen. It is tige de fraach oft der foar de KFFB-auteurs aanst noch in mooglikheid is om te publisearjen.

Friese Pers Doe't de Friese Pers (dy't û.o. de LC útjoech) noch in machtich ynstitút wie, koe it bedriuw it him permittearje om in eigen útjouwerij te eksploitearjen. Oan guon boeken (bestsellers fan Rink van der Velde en Hylke Speerstra bygelyks) waard aardich fertsjinne, op oare útjeften waard jild talein, begjinnend Frysk skriuwtalint koe syn kâns krije. Mei de efterútgong yn de krantewrâld is dy útjouwerij teloargien.

KU Ek moatte hjir de aktiviteiten fan de 'Koöperative Utjouwerij' neamd wurde. Idealistyske Fryske skriuwers lykas Trinus Riemersma, Piter Boersma en Josse de Haan soargen jierrenlang tanksij in hûd fol frijwilligerswurk foar in konstant oanbod fan nijsgjirrich nij wurk fan harsels en kollega's. Om de iuwwiksel hinne drûge dizze stream op.

Konklúzje: sûnder flinke addisjonele oandacht foar produksje en promoasje is de Fryske skriuwerij en it Fryske lêzen kânsleas. Wy pleitsje foar mear aktiviteit op dit mêd. Fansels moat hjir in foarm foar fûn wurde dy't past yn dizze tiid en dy 't ynearsten de takomst treast is.

6. It Skriuwersbûn hat ideeën en konkrete plannen

Yn goed oerlis mei deputearre Poepjes, "Boeken fan Fryslân" en de amtlike ôfdieling foar Frysk en kultuer, hawwe wy in plan presintearre om it Frysk skriuwen en lêzen in ympuls te jaan. De Afûk ('BfF') soe de útfierder wurde. Dit plan is yn de alderlêste gearkomst fan it foarige kolleezje behannele. Ta har grutte spyt hat deputearre Poepjes de oare leden fan it kolleezje net meikrigen yn har entûsjasje foar it plan.

Nei oerlis mei Afûk/BfF hawwe wy it plan aktualisearre. It giet as taheakke hjirby. Wy sille der in oantreklike brosjure fan meitsje en sawol DS as PS mei klam freegje om hjir jild foar út te lûken.

7. It Skriuwersbûn wol bestean bliuwe

Wy wolle bestean bliuwe as in ûnôfhinklike ledeorganisaasje dy't de belangebehertiging, de represintaasje, it befoarderjen fan de profesjonele ûntwikkeling en it kollegiaal kontakt fan de leden as kearntaken hat. Om dy doelstelling as feriening fêsthâlde te kinnen, is in strukturele ferheging fan it boekjiersubsydzje fan de Provinsje foar it Skriuwersbûn is hjirta ûnûntkomber. Fan rom € 4000 no, nei rom € 10.000 fan takom jier ôf.

8. Oant no ta is de Provinsjale polityk net ynteressearre yn de Fryske skriuwerij

Yn de programma's fan de politike partijen dy't meidienen oan de lêste Steateferkiezings, wurdt mei gjin wurd rept oer de noedlike situaasje fan de Fryske literatuer. Doe't wy ferline jier de programskriuwers fan de ferskate partijen útnûgen foar in oerlis, kaam dêr gjinien op ôf. De grutte mearheid fan de Fryske politisy lêst nea of komselden in Frysk boek en komt likemin ris del op in literêre jûn. Graach oerlizze wy mei DS en PS wat der mooglik is om de kleau tusken polityk en skriuwerij lytser te meitsjen.

9. Regelmjittich oerlis

As bestjoer wolle wy graach trije kear jiers (hjerst, winter, maaitiid) sa 'n oardel oere oerlis hawwe mei "ús" Deputearre. Dat is rûchwei ek de frekwinsje wêrmei wy fuortgongsoerlis hienen mei deputearre Poepjes.

Foar it Skriuwersbûn,

Jan Hendrik Woudstra
Willem Verf
Ammerins Moss-de Boer.

Taheakke: Plan foar de promoasje fan de Fryske Skriuwerij.

Parseberjocht

Needgjalp fan it Skriuwersbûn oan de Fryske Polityk

It Skriuwersbûn hat Deputearre Steaten in brief skreaun. It Bûn wol oerlis oer de takomst fan de Fryske skriuwerij en de ferantwurdlikheid dy't de provinsjale polityk hjirfoar hat. Tusken de provinsjale politisy en de literatuer gappet in kleau, skriuwt it Bûn. De polityk is ûnferskillich, wylst foar it behâld fan it Frysk in libbene literatuer needsaak is. "In taal dêr't net yn lêzen wurdt, sil it op 'n djoer net rêde". Yn de ôfrûne 15 jier is de ynfrastruktuer, bedoeld om it Fryske lêzen en skriuwen te stimulearjen, neffens it Bûn "dramatysk minder wurden". Benammen Tresoar docht folle minder foar de Fryske literatuer as yn earder jierren. Sûnder nij inisjatyf om romans, oersettings en dichtbondels ûnder omtinken fan it publyk te bringen, kin it neffens it Bûn net. It Bûn hat konkrete ideeën hjiroer, dêr't de eardere deputearre Poepjes entûsjast oer wie. Mar sy koe it foarige kolleezje net waarm krije foar mear ynset.

(Yn septimber 2023 ferstjoerd)